

Underwerp: gemeentlik ûnderhâld dykswâl

Foarsitter,

Okkerdeis hat saneamd ûnderhâld oan de dykswâl lâns de Betonwei fan de Ham nei de Harkama plak fûn. De moaie swiere ikebeammen binne lokkich sparre bleaun. De ûnderbegroeiing op 'e wâl is der lykwols folslein ôfskeard. It bio ferskaat is dêrmei oantaast. De ûnderbegroeiing is no krekt fan grutte betsjutting, in soad fûgels sykje dêre harren foer. Allyksa is it in skûlplak foar in protte fûgels en lytsere dieren. Boppedat ha wy as gemeente in foarbyldfunksje, ek wat it lânskipûnderhâld oanbelanget. In dykswâl heart net skeard te wurden.

1. Is it kolleezje it mei ús iens dat it kealskearen tusken de ikebeammen sa net wêze moatten hie?
2. Is it kolleezje it mei ús iens dat de gemeente wat it ûnderhâld oanbelanget seker in foarbyldfunksje hat?
3. Kinne wy der fan op oan dat tenei mei mear soarch en deskundichheid it ûnderhâld fan dykswallen plak fynt?
4. De FNP hat 15 maart 2012 ek al fragen yntsjinne as dat it wol liket dat de dykswâlen fûgelfrij binne.

Sake van der Meer, FNP